

Algemiene ynformaasje.

Rjochtsfoarm: feriening

Statutaire namme: "Fryske Nasjonale Partij" ek wol neamd: "FNP"

De feriening is fêstige te Ljouwert yn de provinsje Fryslân.

KvK nûmer: 40002564

RSIN/fiskaal nûmer: 008921453

Datum akte van oprjochting: 12-1-1962

Datum akte lêste statutenwiziging: 1-2-2002

Aktiviteiten: politike organisaasje

Beskriuwing fan de doelstellings:

Yn Kêst 3 fan ús Karbrief stiet it doel beskreaun:

It doel fan de feriening is om op demokratyske wize te wurkjen oan de takomst fan de Fryske mienskip en de ûntjouwing fan Fryslân.

De FNP set him foar 100% yn foar har politike doelstellings en hat mei it gehiel fan har aktiviteiten gjin finansjeel winsteachmerk.

De feriening stribbet dat doel nei troch:

-bestudearring fan politike fraachstikken, mei klam op de Fryske en federalistyske, dat der goed ûnderboudede politike besluten nommen wurde kinne;

-foarljochting oer en aksje foar Fryske en federalistyske polityk;

-ôffurdigen kieze te litten yn fertsjintwurdigjende organen;

-it oanknoopjen en ûnderhâlden fan bannen mei organisaasjes dêr't de doelstellings fan oanslute by de feriening;

- alle oare wetlike middels dy't ta it doel bydrage kinne.

Organisaasje/bestjoer:

It Haadbestjoer bestiet yn totaal út 9 bestjoersleden.

Der is in deistich bestjoer en dat bestiet út de foarsitter, skriuwer en ponghâlder. Sjoch foar in neiere ynfolling achter de knop 'Organisaasje' op ús hiemside.

Der stiet ien personiëlslid yn dieltiid foar 12 oeren op de leanlist. De leanadministraasje wurdt ekstern útfierd troch in akkountantskantoar en wurdt ôfhannele neffens de fiskale feroardenings fan de Belestingsjinst.

Bestjoersleden, mar ek kommisjeleden krije neat betelle, mar kinne harren makke ûnkosten deklarearje.

Kontaktynformaasje

Besikersadres: Obrechtstrjitte 32, 8916EN Ljouwert

Tillefoannûmer: 058 2131422

Emailadres: fnphus@fnp.frl

Hiemside: www.fnp.frl

Kontaktpersoan ditoangeande: Eddie de Vries, FNP-ponghâlder,
eddie.de.vries@fnp.frl IBANrekkeningnûmer: NL21RABO0305014528

Indikaasje grutte organisaasje/omset: kategory €0 - €500.000

De ponghâlder fan it Haadbestjoer hat it deistige bewâld oer de sinteraasje fan de feriening.

Hy lit him foar beliedsmjittige saken bystean troch in finansjele kommisje.

De yn leantsjinst hawwende administrateur docht de boekhâlding.

En it belied t.o.f. finansjele saken wurdt mienskiplik bepaald binnen it

Haadbestjoer,

saken dêr't de leden mei anneks binne, wurde oan de Algemiene Ledegearkomste foarlein.

Kêst 15.6 fan it Karbrief stelt ditoangeande:

It bestjoer hat gjin foech om oerienkomsten oan te gean ta it keapjen, út 'e hân te bringen of beswierjen fan registerguod, it oangean fan oerienkomsten dêr't de feriening him as boarch of solidêre meiskuldner by ferbynt, him foar in tredde sterk makket of him ta wissichheidsstelling foar in skuld fan in oar ferbynt, útsein as it bart mei goedkarring fan de algemiene ledegearkomste.

Yn Kêst 16 is oer it ferantwurding ôflizzen oan de Algemiene Ledegearkomste it folgjende fêstlein:

It haadbestjoer bringt op de jierlikse maitiidsgearkomste, as bedoeld yn kêst 17 lid 2, syn jierferslach út oer de gong fan saken yn de feriening en oer it útfierde belied. It leit de balâns en de steat fan ynkomsten en lêsten mei in taljochting oan de gearkomste oer.

Dy stikken wurde troch alle haadbestjoersleden ûndertekene

De maitiidsgearkomste beneamt in kaskommisje, besteande út twa leden en in reservelid. Dy leden meie net diel útmeitsje fan it haadbestjoer of ôfkomstich wêze út ien ôfdieling.

De kaskommisje ûndersiket de rekken en ferantwurding fan it haadbestjoer en docht dêrfan ferslach oan de ledegearkomste.

It haadbestjoer is ferplichte om oan de kaskommisje alle ynljochtings te jaan, harren as dat winske wurdt de kas en de wearden sjen te litten en it ynsjen fan boeken en beskieden fan de feriening ta te stean.

De kaskommisje kin him bystean litte troch in saakkundige.

Alle jierren giet ien lid ôf neffens in op te stellen roaster en wurdt in nij reservelid foar de kommisje keazen.

Oer it werfjen fan jildmiddels.

Kêst 10 fan it Karbrief stelt oer it werfjen fan jildmiddels it folgjende:

De jildmiddels fan de feriening besteane út de jierlikse ynlage fan de leden en stipers, erfstellingen, legaten, jeften, skinkingen en oare ynkomsten.

De leden betelje op syn minst de jierlikse ynlage, dy't troch de algemiene ledegearkomste fêststeld is.

Dêrneist wurdt in solidariteitsbydrage frege fan FNP- steateleden, riedsleden, wethâlders, deputearren, boargemasters en bestjoersleden Wetterskip Fryslân. De bydrage is troch de algemiene ledegearkomste fêststeld op 5 %.

De 5% wurdt berekkene fan de brutofergoeding foar rieds- en steateleden en bestjoersleden **Wetterskip Fryslân oer in kalinderjier.**

Wethâlders, deputearren, boargemasters en leden deistich bestjoer Wetterskip betelje in dûbele solidariteitsbydrage dy't basearre is op de brutofergoeding foar rieds- en steateleden en AB-bestjoersleden WetterskipFryslân.

De FNP krijt ek fia dielname oan it OSF (de ûnôfhinklike senaatsfraksje yn de Earste Keamer) fan it Ministearje fan Ynlânske Saken de subsydzje Politike Partijen foar foarmings- en skoalingsaktiviteiten, foar ynfoarmaasjefoarsjening oan de leden en net-leden, foar it werfjen fan leden, foar it belûken fan net-leden by subsidiabele aktiviteiten fan de politike partij, seleksje en begelieding fan politike amtsdragers, foar it ûnderhâlden fan kontakten mei susterpartijen bûten Nederlân en aktiviteiten yn it ramt fan ferkiezingskampanjes. Dêrneist kinne we in berop dwaan op it Wittenskiplik Buro fan it OSF foar spesifike subsydzje foar polityk-wittenskiplike aktiviteiten.

En we binne no ek fan doel om ús leden bekend te meitsjen mei de yn 2014 oanpaste regeling fan periodike jeften. Soks kin in mear strukturele ynstruier fan jeften generearje.

Beliedsplannen

De skriuwer fan it HB stelt jierliks in ferslach op fan de aktiviteiten fan it Haadbestjoer. Dat is yn de Frijbûtser (= it nijsblêd foar de leden, dat ek op ús hiemside publikelik tagonklik is) fan krekt foar de Algemiene Ledegearkomste fan maaie werom te finen.

De ynhâldlike ferantwurdiging fan wat we neistrjibje stiet beskreaun yn de ferkiezingsprogramma's. Sawol ús Provinsjale Steatenprogramma as ek de gemeentlike programma's wurde op de FNP-(ôfdielings)hiemside(n) publisearre.